

**NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2016****Ynlieding: de takomst fan de FFU**

Yn de jierferslaggen oer 2013 en 2014 en ek wer yn 2016 stelle wy ús de fraach oft de wet- en regeljouwing foar it Frysk as fak en as fiertaal yn it hiele ûnderwiis yn Fryslân (en dêrbûten) goedernôch is en oft de ymplementaasje neat (mear) te winskjen oerlit. En alle jierren moatte wy wer fêststelle dat soks noch alhiel net it gefal is en dat Frysk yn de oanbelangjende skoaltypen noch lang net it plak hat dêr't it rjocht op hawwe moatte soe. De striid foar echte lykweardigens fan it Frysk is dus ek noch lang net striden.

Yn foargeande jierferslaggen hawwe wy dat benammen wiidweidich yllustrearre foar it (fakultative) plak fan it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis (de saneamde WEC-skoallen), de ûnder- en boppebou fan it fuortset ûnderwiis en it beropsûnderwiis (benammen yn it mbû) (oan te klikken op: www.ffu-frl.eu ûnder 'Ferslaggen'. Oer it generaal moat wy ek oer 2016 wer konstatearje dat it eint as in lûs op in tarre presinring. En dat wy gauris gjin of amper reaksje krije fan de oerheden yn De Haach en Ljouwert, fan politike partijen of fan it advysorgaan *Dingtiid*. Dy lêste ynstelling hawwe wy wer ûnderskate kearen kontakt mei socht, ek yn it ferslachjier, likegoed mûnling as skriftlik, mar nea in ynhâldlike reaksje krige.

Wy rêde it net sûnder jo jildlike stipe

Lju dy't ús in bedrach 'skinke' en dat ôflûke wolle fan 'e belesting, kinne dat dwaan troch dat oer te meitsjen op rekkennûmer NL55 INGB 0001 1234 45 o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging, Keetwâltsje 1, Ljouwert*, mei dúdlik de fermelding '**ornearre foar de FFU**'. Wy hoopje dan mar dat de Ried wer soarget dat it op ús FFU-rekken oermakke wurdt. De Ried is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*). Dat giet wolris mis. Sadwaande krije wy it jild leaver streekrjocht op ús eigen rekken. It ledejild kin oermakke wurde op NL17 INGB 0002 3560 38, o.n.f. *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag*. Wy trune derop oan om dat op 'e tiid te dwaan. Dan hoege wy net mei werhelle fersiken te kommen, dy't ús wer (better te brûken) tiid en jild (sluven en postsegels) kostje. Nei it ferdwinen fan de akseptgiro-kaarten is it op 'e tiid ynbarren fan it ledejild foar ús in probleem wurden. Ek al wie dat net de bedoeling, dochs wurdt it oermeitsjen maklik fergetten. Jo fine by de útnûgings foar de jiergearkomste altiten in stryke mei it bedrach en ús banknûmer (of wy litte jo dat digitaal, oer de e-post, takomme as wy dat fan jo hawwe). Wy freegje jo dêr begryp foar en kinne net oeral efteroan.

FFU-eare-oarkonde mei lofprizing

Sûnt 2012 sette wy alle jierren ien yn it sintsje dy't har of him yn de frije tiid tige fertsjinstlik makke hat foar it oerdragen fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiisdomein. Yn 2016 is it ús troch oare droktnen en in tekoart oan gaadlike kandidaten net slagge om ús FFU-eare-oarkonde út te rikken, mar yn 2015 hawwe wy ús laudatio foar *twa* minsken útsprutsen: Bertus Jans Postma en Cor Jousma (sjoch it jierferslach oer 2015).

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2016 út: Tom Dykstra (foarsitter), Sytze T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder; notulist fan gearkomsteferslaggen foar salang't der net in oaren foar is), Jehannes Elzinga en Saapke de Groot-Voolstra. Ed Knotter is ús fertsjintwurdiger yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*, mei Jehannes Elzinga as syn ferfanger. Tom Dykstra fertsjintwurdiget de FFU yn it Algemiene Bestjoer fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, mei Ed Knotter as syn ferfanger. Fanwegen eachswierrichheden fan de skriuwer (en dus reisproblemen) en omdat de measte bestjoersleden yn Drachten of omkriten wenje, hawwe de bestjoersgearkomsten by Hiemstra thús yn Drachten west en ien kear te Frjentsjer (Elzinga). Wy hoopje lykwols yn de takomst wer wat faker by Klaske Straatsma-Westerhof te Ljouwert gear te kommen as har en ús súnens dat talit.

Yn 2016 kaam it bestjoer 6 kear gear op: 21-01; 25-02; 27-04; 1-09; 16-11; 21-12. It slagge net om in gaadlike datum te finen foar in ledegearkomste yn 2016, sadwaande is dy is ferskood nei 2017. Op 5 oktober 2015 binne de FFU-jierstikken oer 2014 ferstjoerd. Wy freegje de leden de stikken oer 2015 en 2016 (ek) te rieplachtsjen op ús webstek (www.ffu-frl.eu) ûnder 'Ferslaggen'. Wat de njonkenaktiviteiten oanbelanget, is der sûnt it foarige jierferslach amper

wat feroare (sjoch ek dat fan 2014 en 2015); Jehannes Elzinga is yn dy snuorje de ferfanger fan Ed Knotter yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT) wurden as Ed net komme kin. Hiemstra fertsjintwurdiget de FFU yn de aksjegroep 'Sis Tsiis', dy't de dyk op wol mei manifestaasjes en demonstraasjes foar folweardich Frysktalich ûnderwiis en dêr't de FFU yn dit ferslachjier € 500 oan bydroegen hat. Op 22 desimber hawwe wy by dy demonstraasje Geart Tigchelaar frege om, nei syn ferbliuw yn it bûtenlân, wer út en troch mei te wurkjen yn ús bestjoer en dat hat er tasein. Dêr binne wy wiis mei. Geart hat earder ek al in pear jier bestjoerslid west.

B. Kontakten

1. Persoanen – Organisaasjes – Stúdzjedagen – Konferinsjes – Symposia, ensfh.

- 19-01-2016 (Dykstra, Elzinga), oerlis mei de provinsjale amtner T. Bottema en H. Akkerboom, 'Provinsjehûs', Ljouwert;
- 21-01-2016 (Dykstra, Elzinga, Hiemstra, Knotter, Voolstra). Fierdere bestjoersgearkomsten, út en troch ek mei Saapke de Groot-Voolstra, op 25-02; 27-04; 1-09; 16-11; 21-12, almeast te Drachten en ienkear yn Frjentsjer;
- 21-01-2016 (Dykstra), oerlis mei Afûk-meiwurker Fokke Jagersma oer de rol fan gemeenten en (ûnderwiis)ynstallings by de *yntegraasjekursussen* yn Fryslân. De *Afûk* hat in stypjende taak nei de gemeenten ta wat it Frysk oanbelanget (en dy Fryske kursussen binne *frijbliuwend*, wylst it Hollânsk *ferplichte* is), Afûk-gebou, Ljouwert;
- 05-02-2016, 07-09-2016, 02-12-2016 (Hiemstra), gearkomsten en bestjoersaktiviteiten foar de *Fryske Rie* op ûnderwiismêd en foar de ynter-Fryske gearwurking, Stedhûs, Dokkum;
- 08-02-2016 (Dykstra, Hiemstra), aksjegroep [y.o.] 'De Ploech', rjochte op takomstige demonstraasjes foar de Fryske taal en foar better en mear Frysktalich ûnderwiis, restaurant 'De Daaldersplaats', Snits;
- 10-02-2016 (Dykstra), FNP-gearkomste oer 'Wy wolle fierder mei it Frysk', 'De Grote Wielen', Ljouwert;
- 19-02-2016, 02-12-2016 (Hiemstra, Knotter), jiergearkomsten *Jongfryske Mienskip*, 'Paul Kruger', It Hearrenfean;
- 15-03-2016; 15-09-2016 (Hiemstra), gearkomsten *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), 'Tresoar', Ljouwert (maart) en de 'IJsselacademie' (ek HCO) te Swol (sept.);
- 01-04-2016 (Elzinga), gearkomste fan 'Kontseilua' (it Spaanske EBLT) om foarljochting te jaan oer it 'Project to ensure linguistic rights' en om yn kontakt te kommen mei 'social and grassroots organisations' (gjin oerheid) foar minderheidstalen, 'Stenden', kolleezjesal 1.55, Ljouwert;
- 06-04-2016 (Dykstra), troch *Dingtiid* organisearre harksitting/petear oer de takomst fan it Frysk yn it ûnderwiis 'NHL', Rengersleane, Ljouwert;
- [*Taljochting*: de FFU hat winsken ynbrocht oangeande de needsaak om de emansipaasje fan it Frysk te befoarderjen: (1) it Frysk moat jûn wurde as *substansjeel part* fan it ûnderwiis (fiertaal, fak), (2) *alle dosinten moatte it Frysk behearskje* om meartalich ûnderwiis mooglik te meitsjen; (3) *alle* lesmateriaal moat *yntegraal* meartalich beskikber wêze];
- 16-04-2016 (Hiemstra), lededei 2016 Fryske Akademy, 'De Koperen Tuin', Prinsetún, Ljouwert;
- 12-05-2016; 20-10-2016 (Dykstra), AB-gearkomsten fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, 'Keetwâltsje 1, Ljouwert;
- 25-05-2016 (Dykstra), Kongres oer 'Meartalich ûnderwiis', Cedin/Sintrum Meartaligens, 'Adverium', Drachten;
- [*Taljochting*: de provinsjale ûntheffingsregeling foar it basis- en fuortset ûnderwiis, de fernijde metoade Frysk en de ûntwikkele ynstruminten foar it evaluaasjesysteem GRIP kamen oan de oarder];
- 08-09-2016, 09-09-2016 (Hiemstra), Iepeningskongres en Akademydei, 'Fryske Akademy' en 'Natuurmuseum Fryslân', Ljouwert;
- 24-09-2016 (Dykstra, Hiemstra, Knotter), Warnsbetinking oer 'De Fryslannen op nei 2018', 'Reaklif' en 'De Spylder', Warns;
- 03-11-2016 (Knotter), stúdzjemiddei/-jûn seksje Frysk fan de VLLT 'Fierder mei Frysk' [13], NHL, Ljouwert;
- 11-11-2016 (Dykstra, Elzinga, Knotter), Ynternasjonaal symposium oer 'The effects of migration on the position on minority languages', 'De Koperen Tuin', Prinsetún, Ljouwert;
- [*Taljochting*: yn desimber 2015 hie Dykstra as inisjatyfnimmer by de Ried fan de Fryske Beweging stipe socht foar de fraach hoe't men omgean moat mei migranten (flechtingen) yn Fryslân. In lytse kommisje (R. Valk, S. Posthumus en T. Dykstra) hawwe in oanset jûn en kontakt socht mei de Fryske Akademy. Ynearsten is der allinnich praat mei sosjolinguisht Hans Van de Velde (FA) en letter waard Cor van der Meer (Mercator) deryn behelle. Yn 7 gearkomsten yn de earste helte fan 2016 is neitocht oer de ynfolling en *Mercator* naam de organisaasje op 'e noed. De dielnimmers kamen út Nederlân (benammen studinten), mar der wiene gjin fertsjintwurdigers fan de Fryske skoallen en profesjonele organisaasjes. De fiertaal wie Ingelsk, omdat de sprekkers (op ien nei) út it bûtenlân kamen. De bydragen wiene oer it generaal hiel algemien en joegen net daliks antwurd op de fraach oangeande ús *Fryske* situaasje. Men soe ferwachtsje kinne, dat troch de komst fan bern mei in *frjemde* memmetaal (bgl. Arabysk) ek it brûken fan de *eigen* (Fryske) memmetaal yn it ûnderwiis positiver besjoen wurd sil];
- 26-11-2016 (Dykstra), Fedde Schurer-lêzing 'Onderwijs onder druk. De taak van het onderwijs in een veranderende samenleving', organisearre troch de Ried fan de Fryske Beweging, Tresoar en Historisch Centrum Leeuwarden, 'Tresoar', Ljouwert;

[*Taljochting*: de lêzing fan prof. dr. Alexander Rinnooy Kan hie gjin eksplisite relaasje mei it Frysk. De twadde sprekster, prof. dr. Sietske Waslander, hold in ferhaal oer it konflikt tusken *yndividuele* en *kollektive* belangen. Foar de FFU is brûkber dat it ûnderwiis yn it Frysk in *kollektyf* belang is foar de takomst fan de Frysktalige *mienskip*. By it takenen troch de Provinsje fan ûntheffing fan keardoelen oan skoallen soe krekt it *yndividueel* belang in rol spylje moatte ('passend onderwijs' foar de learling[en] op mikro-nivo), mar de Provinsje wol dêr neat fan witte en jout in ûntheffing foar in *hiele* skoalle (op meso-nivo). Frysktalige learlingen krije sa gjin goed ûnderwiis, omdat soks neffens skoallen en beliedsmakkers foar *nét*-Frysktaligen *nét* 'realistysk' wêze soe, in slimme didaktyske misset];

- 30-11-2016; 15-12-2016 (Hiemstra), gearkomsten aksjegroep 'Sis Tsiis', tarieding fan in manifestaasje en demonstraasje ûnder it biewurd 'Frysk op skoalle in bernejocht', 'De Friesche Club', Ljouwert;
- 09-12-2016 (Dykstra), oanbieding trijetalich lespakket fan de 'Stichting Mearslach' (Syb Muizelaar en Ytsen Kooistra) *Waar en wyn, sterren en planeten*, 'Planetarium', Frjenstjer;

[*Taljochting*: it is in earste stap nei *yntegraal meartalich* ûnderwiis en *lesmateriaal*. Dykstra hat nei oanlieding dêrfan in 'Te Gast' yn de *LC* (20-12-2016, s. 19) skreaun mei as titel 'Yntegraal trijetalich lesmateriaal nedich'];

- 19-12-2017 (Dykstra, Elzinga, Hiemstra, Knotter), oerlis mei de provinsjale amtners T. Bottema, E. Duijff (ferslach) en frou Nienke Jet de Vries oangeande de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis en de provinsjale aktiviteiten op dat mêd, 'Provinsjehûs', Ljouwert;
- 22-12-2016 (Dykstra, Hiemstra, Knotter), meirinnen yn de fakkeltocht (demonstraasje) foar 'Frysk op skoalle in bernejocht', Saailân, Ljouwert;

C. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: 🍷) en foar (ynkommen: 🍷) de FFU.
 Mei *(sterke): oan te klikken op ús webstek (www.ffu-frl.eu).

Utgien:

- * **20-03-2016 🍷 FFU: bydrage FFU foar de leden fan it Committee of Experts fan de Ried fan Europa**
 Bydrage fan de FFU oan de harksitting fan it *Committee of Experts* fan de *Ried fan Europa* op 2 maart 2016 (te Ljouwert) mei ús krytik op de noch altiten slim ûntarikkende ymplementaasje troch Nederlân fan kêst 8 (ûnderwiis) fan it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* (fiifde perioade) oangeande de rapportaasje oer de jierren 2012-2014. Op 21 maart is dy bydrage (yn it Ingelsk en it Hollânsk) mei wat oanfolgings en ferbetterings stjoerd nei it sekretariaat fan it Europeesk Hânfêst (yn Straatboarch): adina.nichifor@coe.int.
- * **26-03-2016 🍷 FFU: reaksje FFU oan it 'Platform Onderwijs2032' oer har einadvys 'Ons onderwijs2032'**
 Omdat der yn it jannewaris 2016 útbrochte einadvys fan it 'Platform Onderwijs2032' (op fersyk fan steatssekretaris Dekker) oer de winsklike takomstige kennis en feardichheden fan de learlingen yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis op gjin inkelde wize omtinken jûn wurdt oan it ûnderwiis yn it Frysk, hat de FFU har dêr in krytysk brief oer stjoerd. It Frysk waard 'steatsnasjonaal' wer ris deaswiid.
- * **30-11-2016 🍷 FFU: reaksje FFU oan de 'Onderwijscoöperatie' oer har advys 'Geef leraren de hoofdrol bij curriculumontwikkeling'**
 Lykas yn it advys fan it 'Platform' ûntbriek ek by de 'Onderwijscoöperatie' omtinken foar it Frysk. Wy hawwe harren yn in brief frege wêrom't der gjin learaars út Fryslân selektearre wiene om rjocht te dwaan oan de spesifike Fryske situaasje. Neffens ús moat yn de troch har foarstelde 'continue dialooch' it Frysk in plak yn harren útstellen krije, bgl. yn it *kearnkurrikulum*. Fierders jouwe wy oan dat wy it fanselssprekkend achtsje dat yn de ûntwikkeling fan it 'beropsregister' de learaars yn de provinsje Fryslân oanjouwe dat hja 'bevoegd en bekwaam zijn onderwijs in het Fries te geven en als zodanig investeren in hun professionele ontwikkeling'.

Ynkommen:

- * **30-03-2016 🍷 EBLT: bydrage A. Riemersma foar de leden fan it Committee of Experts fan de Ried fan Europa**
 Wichtige bydrage fan dr. Alex Riemersma (lektor Frysk en Meartaligens) foar it CoE fan de *Ried fan Europa*, dat op 2 maart 2016 in besite brocht har oan Ljouwert oangeande de (tekoartsjittende) ymplementaasje fan it Frysk troch it Ryk (Nederlân) fan it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden*.
- * **14-12-2016 🍷 Ried fan Europa: rapport oer it tapassen fan it Hânfêst yn Nederlân**
 Op 14 des. 2016 is it rapport fan it Committee of Experts (fan 16 juny 2016) frijjûn mei oanbefellings fan it *Committee of Ministers of the Council of Europe on the application of the Charter by the Netherlands* (5th monitoring cycle). Dat der mei de ymplementaasje fan it Hânfêst by it ûnderwiis yn it Frysk en de Fryske skiednis (kêst 8) noch fan alles net doocht, wisten wy al en de kommisje fan saakkundigen ûnderstrekete dat foar de safolste kear: 'The Committee of Experts again **strongly urges** the Dutch authorities to continue strengthening the teaching of and in Frisian at all levels of education' (s. 21).

D. Publisiteit

*Oan te klikken op ús webstek (www.ffu-frl.eu). In stikmannich artikels fan FFU-bestjoersleden oer FFU-aktiviteiten, dy't publisearre binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe't der publisiteit jûn is oan ús krewearjen yn de ûnderskate media (bgl. *Omrop Fryslân*, it ynternet of de wyk- en streekblêden). It oersjoch is dus beheind. Guon bestjoersleden reagearje út en troch ek op en yn (it digitale) *It Nijs* fan de *Ried fan de Fryske Beweging* of op it plak fan de FFU op *Facebook*.

Swingel (blêd fan de Ried fan de Fryske Beweging)

Artikels út *Swingel* binne (ek) oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/Mear_oer_de_Fryske_Beweging/Swingel. Ed Knotter skriuwt geregeld taalstikjes foar de *Swingel*. Alle kearen wurde spesifyk Fryske of aparte taalferskynsels *besprutsen*. Dat wie yn 2016 ek wer it gefal. Fierders binne der út en troch bydragen fan Tom Dykstra (foars. FFU) en Jehannes Elzinga (bestjoerslid FFU):

- *Swingel*, nû. 48, april 2016: in artikel fan Tom Dykstra (foarsitter FFU) mei as kop 'Emansipaasje of it hanthavenjen fan de status-quo?' (s. 9-11) mei fûnemintele kryptyk op de provinsjale 'Beliedsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs'. Boppedat hâldt Dykstra in nij pleit foar it ûntwikkeljen fan *yntegraal* meartalich lesmateriaal foar alle skoalfakken mei in goed plak foar it Frysk (sjoch dêrfoar ek nû. 45 fan *Swingel*).

- *Swingel*, nû. 49, novimber 2016: in artikel fan Thom Dykstra (foarsitter 'Slach by Warns' en foars. FFU) ûnder de kop 'De Warnsbetinking yn Europeesk perspektyf' (s. 5-7) mei as tema wat ús as Friezen bynt as wy net yn itselde steatsferbân libje. (Taal)mienskippen hoege harren net te steuren oan in 'tafallige' histoaryske steatsgrins. By de betinking gie it om de trije Fryslannen: Noard-, East- en Westerlauwersk Fryslân. De tapraken fan de Noard-Fries Bahne Bahnsen en fan de East-Fries Arno Ulrichs steane oerbrocht yn it Westerlauwersk Frysk ek yntegraal yn dit nûmer fan *Swingel* ôfprinte (s. 8-11).

Nij Frisia (blêd fan de Jongfryske Mienskip)

Sytze T. Hiemstra hat in eigen rubryk yn *Nij Frisia*, 'Ús eigen taal'. Hy komt dêryn geregeld op de tekst oer it Frysk en it ûnderwiis. Ed Knotter en Tom Dykstra stjoere sa út en troch ek in bydrage yn. Knotter makket foar it blêd boppedat tekenings dy't it ûnderwiis en it Frysk ta ûnderwerp hawwe.

Yn *Nij Frisia* stiene yn 2016 û.o. de neikommende artikels:

- **Nij Frisia*, jrg. LXV, nû. 1, maaie 2016: Sytze T. Hiemstra yn syn 21ste 'Ús eigen taal' oer 'De Fryske Rie en de trije Fryslannen' (s. 13-19) mei omtinken foar de skiednis en de doelen fan de *Fryske Rie* en foar 'It Frysk manifest' (1955) oangeande de grutte betsjutting fan ús memmetaal foar de trije Fryslannen en it leauwen yn in mienskiplike taak.

Fierders binne de FFU-laudatio's foar Bertus Jans Postma (s. 4) en Cor Jousma (s. 21) ôfprinte en is de ynliding op de lofprizing foar Postma opnommen, útsprutsen troch Hiemstra op 20 nov. 2015 op It Hearrenfean. Jousma en Postma harren krewearjen foar Frysktalige toponimen binne ek fan grutte betsjutting foar it ûnderwiis (lear- en oare helpmiddels) yn it Frysk. De dêrby hearrende oarkonden mei foto's fan de útrikking dêrfan steane op de efterside (s. 24) ôfprinte.

- *Nij Frisia*, jrg. LXV, nû. 2, sept. 2016: Sytze T. Hiemstra yn syn 22ste 'Ús eigen taal' oer 'De Fryske Rie en de trije Fryslannen (II)' (s. 13-17) oer de polityk en útwikselings oer de grinzen hinne. En mei omtinken foar de 'Ynterfryske ferklearing' (fan 5 maaie 2006), dy't oanstiet op fuortsterking fan de ûnderlinge gearwurking. Soks kin ek fan betsjutting wêze foar it ûnderwiis yn de eigen taal en skiednis.

- **Nij Frisia*, jrg. LVX, nû. 3/4, des. 2016: in artikel fan drs. Sytze T. Hiemstra oer Gerben Abma ûnder de kop 'De KFFB yn petear mei Gerben Abma' (s. 12-15). It nûmer is foar in grut part wijd oan libben, wurk en ferstjerren (op 5 des. 2016) fan de histoarikus en frisiast Abma. Fierders op 'en nij fan drs. Kerst Huisman opnommen 'Fryske kartografy: gjin sljochtwei oerset- en oerplakwurk' (s. 6-11), dat ek fan belang is foar ûnderwiisdoelen, omdat it yn it foarige nûmer fan *Nij Frisia*. (LXV, nû. 2, 2016) net goed ôfprinte stie (benammen de kaartsjes).

- *Nij Frisia*, jrg. LXIV, nû. 4 (jubileumnûmer, útjûn as 'glimmer' en yn kleur), des. 2015: mei trije artikels fan Sytze T. Hiemstra mei as titel 'Jongfriezen yn aksje foar ûnderrjocht en foarming yn it Frysk', oer de tiidrekken 1915-1945 [diel I] (s. 17-45); 1945-1975 [diel II] (s. 61-90) en 1975-2015 [diel III] (s. 119- 150). It nûmer is in jier letter, op 2 des. 2016, by de jiergearkomste fan de *Jongfryske Mienskip* op It Hearrenfean oanbean oan de skriuwers.

Leeuwarder Courant

**LC*, 20-12-2016, s. 19 (webstek: 'Poadium'): út namme fan de FFU as *Te Gast* skreaun artikel fan Tom Dykstra (foars. FFU) ûnder de kop 'Yntegraal trijetalich lesmateriaal nedich'. Dykstra jout omtinken oan de op 9 desimber 2016 yn it *Planetarium* te Frjentsjer oanbeanne lessesearje *Waar en wyn, sterren en planeten* fan Syb Muizelaar en Ytsen Kooistra, mei in *yntegraal trijetalige* oanpak, dy't wy ek needsaaklik achtsje foar gâns oare fakgebieten.

E. Webstek FFU en digitale sosjale media

Wy binne mei ús eigen stee (www.ffu-frl.eu) op it wrâldwide web úteinset op 1 jannewaris 2005 en wurde frij geregeld besocht. Yn it jierferslach fan 2014 hawwe wy in wiidweidich oersjoch jûn (sjoch dêr). Omdat ús eardere teller kueren krige, hat Sytze J. Hiemstra jr. op 10 jannewaris 2015 in oarenien ynstallearre (*One Stat.com*) dy't ús op de hichte hâldt fan ús 'besikers'. Oan de ein fan 2016 wiene dat 1359 'pageviews'; it totaal oan unike besikers berûn 761. Trochinoar wurde wy twa kear deis besocht, mei 2 'pageviews'; 66% fan 'e besikers komt út Nederlân. *Webstats4u 'Motigo'* (in eardere teller) telt wer sûnt 10-01-2015 en hat oant de ein fan 2016 sa'n 2.723 'views' registrearre.

De FFU is sûnt 2012 ek aktyf yn en op de digitale sosjale media, benammen op *Facebook* (mei twa 'akcounts'), dy't hast alle dagen fan ynhâld foarsjoen wurde troch Sytze T. Hiemstra sr. Op dy wize kinne wy ús doelen hieltiten yn it omtinken bringe by in beskate doelgroep en dy eventueel ek wer liede nei ús webstek.

F. Enkête FFU

Yn oktober hawwe wy, mei help fan ús bestjoerslid Saapke Voolstra, almeast digitaal, in fragelist oan ús leden/stipers takomme litten mei 14 fragen oer it besteansrjocht en de aktiviteiten fan de FFU. Dy fragen koene ek wer digitaal weromstjoerd wurde. In pear leden hawwe dy oer de gewoane post hân, omdat wy harren e-post-adres net efterhelje koene. Twa hawwe ek wer oer de gewoane post reagearre, de oaren digitaal.

Fan de leden (N = 92) hawwe 26 reagearre (28,3%):

- (1) 14 fan harren, dus de grutste helte, wiene al sûnt 1987 (oprjochting FFU) lid.
- (2) Fan harren is *eltsenien* it iens mei it doel fan de FFU: in *folweardich* plak foar it Frysk yn it ûnderwiis.
- (3) fierwei de grutste helte dêrfan is fan betinken dat de FFU him rjochtsje moat ta âlden, learkrêften, skoalbestjoeren, provinsjale politisy, de lanlike polityk (8x, dus wat minder) en de ûnderwiisynspeksje.
- (4) De ûnôfhinklikens fan de FFU achtsje de measten fan belang (22x).
- (5) De wurdearring foar de FFU-aktiviteiten neffens in fiifpuntskaal fan 'net wichtich' oant 'tige wichtich' (publisearje, oerlis mei de Provinsje, kontakten mei Fryske politisy, brieven nei De Haach, kontakten mei skoallen, oerlis mei de Afûk, kontakten mei de ûnderwiisynspeksje, oerlis mei Cedin, fertsjinstlike lju yn it sintsje sette, ûnderwiisminskent motivearje en byinoar bringe) wurde hiel ferskillend beoardiele mei in grutte sprieding (it skift nêst-wichtich komt 5 kear foar by 12 leden, de oaren sitte dêrboppe). Oangeande de fraach 'wat noch mist' by fraach 5 krije wy 7 reaksjes mei advizen.
- (6) It oardiel fan de leden oer it provinsjaal belied foar it Frysk (yn it ûnderwiis) is *behoarlik negatyf*; dat belied wurdt mar yn 1 gefal foldwaande achte.
- (7) It oardiel fan de leden oer it jaan fan *folseine* ûntheffing fan de ferplichting om Frysk te jaan is op twa nei *negatyf*: dus gjin ûntheffing jaan.
- (8) It oardiel oangeande it ferlienen fan *parsjele* ûntheffing foar in part fan de keardoelen foar *Frysktalige* bern/learlingen is foar de measten ek *negatyf* (21x: *gjin* ûntheffing jaan); 15 leden jouwe in taljochting.
- (9) It oardiel oangeande it ferlienen fan *parsjele* ûntheffings foar guon keardoelen foar *nêst-Frysktalige* bern is ek *negatyf* foar de measte leden (15x: *gjin* ûntheffing jaan; in ûntheffing jaan foar it skriuwen fan in *ienfâldich briefke* kinne 8 leden it mei lykfine, mar mei in frijstelling foar Frysk *lêzen* en *praten* kinne mar 2 it iens wêze; 12 leden jouwe in taljochting.
- (10) It oardiel fan de leden oer it lanlik belied foar it Frysk is almeast *tige negatyf*, mar 1 achtet dat belied foldwaande en 14 kruse *slim ûnfoldwaande* oan; 16 leden jouwe in taljochting.
- (11) Op de fraach oft de *behearsking* fan it Frysk yn prinsipe foar alle ûnderwizend persoanen yn Fryslân in *funksje-eask* wêze moat, antwurdet mar 1 lid dat in *passive* behearsking foldwaande is; hast alle oaren (24x) freegje in *aktive* behearsking.
- (12) Sawat de helte fan de 26 leden wol wol nei ús jiergearkomste komme om syn/har ideeën ta te ljochtsjen (13x ja, 1x wit it noch net).
- (13) Fan dy leden wolle de measten om alderlei reden nêst aktyf wurde yn de FFU en se witte ek gjin nammen fan oaren te neamen; 4 wolle wól aktyf wêze en dat lykje benammen de al sittende bestjoersleden te wêzen.
- (14) Op de fraach oft de FFU *besteansrjocht* hat mei it each op de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis antwurdzje 24 fan 'ja' (= 92,3%) en 2 fan 'nee'. Wy moatte konkludearje dat de measte leden tefreden binne oer de aktiviteiten dy't de FFU ûndernimt, mar tagelyk ek teloarsteld binne yn wat de FFU oant no ta konkreet berikke kinnen hat foar it Frysk yn it ûnderwiis. Faaks sille yn de takomst de aksjes en aktiviteiten fûlder en skerper wurde moatte en sille de Friezen bygelyks ek de dyk op moatte (mei manifestaasjes en demonstraasjes) om folweardich Frysk yn it ûnderwiis by it Ryk ôf te twingen. Dêr is ein 2016 in begjin mei makke troch jildlike stipe te jaan (€ 500) oan it boargersinisjatyf fan 'Sis Tsiis' en troch fertsjintwurdige te wêzen yn de kearngroep dêrfan.

G. It boargersinisjatyf ‘Sis Tsiis’ en de doelstellings fan de FFU

Op 8 maaie 2015 ornarre Kerst Huisman op Facebook (akkount: ‘Wysels Frysk Selsbestjoer’) dat it heech tiid waard foar (mear) aksje. Hy die in oprop om yn ‘beweging’ te kommen. Yn de moannen dêrnei hat in ploechje lju ûnder de namme ‘De Ploech’ de earste stappen set en dêr waarden de FFU en oaren yn en by behelle. Troch omstannichheden stagnearre dy oanset en doe hawwe Kerst Huisman, Abe de Vries en Pier Boorsma it boargersinisjatyf oernaam en yn septimber 2016 de aksjegroep ‘Sis Tsiis’ foarme mei in tal aktivisten dy’t út alderlei Fryksinnige fermiddens ôfkomstich binne. Yn desimber is der in kearngroep foarme fan sa’n 14 minsken en de skriuwer fan de FFU, Sytze T. Hiemstra, is dêryn fertsjintwurdige. ûnder it bieldwurd ‘Frysk op skoalle in bernerjocht’ is troch dy groep, mei help fan oaren, op 22 desimber yn Ljouwert in fakkeloptocht holden foar goed Frysk ûnderwiis. De FFU hat de organisaasje fan dy tocht stipe mei € 500. It is in manifestaasje en demonstraasje wurden, dêr’t Gurbe Douwstra, Wout Zylstra, Gerrit Breteler, de Graham Lowlanders en oaren oan meiwurke hawwe. Der binne struibrieven (sjoch yllustraasjes hjirûnder) en oanplakbiljetten makke, der is aksje fierd op de digitale media, op de Omrop en yn oare skriftlike media (kranten). Sa’n 300 minsken hawwe meirûn yn de optocht. As earste begjin mei men grif tefreden wêze. De beide deiblêden en de Omrop hawwe dêr aardich omtinken oan jûn en it hat ek de lanlike parse helle (twa grutte deiblêden). De bedoeling is fansels dat ús stribjen ek goed trochkringt ta de ferantwurdlike politysy en dat dy yn aksje komme foar in folle bettere wet- en regeljouwing en in goede ymplementaasje dêrfan.

De doelstellings fan de FFU hawwe wy werjûn yn de jierferslaggen fan 2013 en 1214 en binne, lykas boppe oanjûn, noch lang net berikt. Der sil noch hiel wat jierren fûleindich striden wurde moatte foar in folweardich plak fan it Frysk as fak en as fiertaal yn *alle* skoaltypen. En foar foldwaande *yntegraal* trijetalige learmiddels mei in goed plak foar it Frysk yn gâns oare fakken. Dat freget noch hiel wat ynspannings, ek foar de kommende generaasje Fryksinnigen dy’t ús ôflosse moat. De measte bestjoersleden fan de FFU binne al aardich op jierren en al in skoft mei pinsjoen en dat betjut dat oaren it stokje op in stuit oernimme moatte. Wy tidigje op jo/jimme goeried, stipe en help om ek yn de takomst dat wurk fuortsette te kinnen.

It bestjoer



WAT WOLLE WY

Wêzentlik en goed Frysk ûnderwiis
In wêzentlik part fan 'e skoaltiid moat yn de Fryske taal en ornarre foar Fryske taal. It fjocht op in wêzentlik part fan it ûnderwiis yn de minderheidstaal leit fêst yn in Europeesk hânfêst.

Gjin ûnthefing, wol stipe
Skoallen yn regio's dêr't minder Frysk praat wurdt of dy't net oan Frysk ûnderwiis takomme moatte gjin ûnthefing foar it Frysk krije, mar just in stipepakket.

Mear en bettere trijetalige skoallen
Alle bern yn Fryslân moatte in trijetalige skoalle op fytsôfstân hawwe en op dy skoallen moat 30 persint fan it ûnderwiis yn it Frysk wêze.

**MEAR MEMMETAAL YN IT SKOALFERHAAL I
RIN MEI OP 22 DESIMBER**

Foar mear ynformaasje, mail nei sistis2016@gmail.com

It wurk fan de 'Sis Tsiis' mooglik makke troch de steun fan de FNP, Best fan de Fryske Beweging, Sinter
Gauw en de Fryske Beweging, Frysk ûnderwiis, Fryske taal, Fryske taal, Fryske taal, Fryske taal, Fryske taal, Fryske taal.

fnp | www.fnp.nl | www.sistis2016@gmail.com

